

Mingd Koar Grou hâldt Frysk heech

Plak: 's Lands Welvaren, Grou. **Barren:** kofjekonsert Mingd Koar Grou. **Meiwurking:** Ype van der Werf, piano. **Belangstelling:** moai folle seal.

GROU - Dirigint Jan Veninga en syn Mingd Koar Grou stribje de lêste jierren nei ferbreiding fan it gongbere repertoire en sadwaande nimme hja gauris klassike wurken foar kar. Dat is in goed ding, dêr't men allinne mar wurdearring foar hawwe kin, mar it mei fansels it Frysk net ferdriuwe, dêr bliuwt likegoed ferlet fan. Dat sadwaande joech it koar justermiddei in kofjekonsert yn 's Lands Welvaren, dat inkeld út Fryske lieten bestie en dat hat de leafhawwers, hja wiene moai machtich opkommen, deugd dien.

Yn 'Myn Elske', it iepeningsnûmer, wiene de stimferhâldingen treflik. It sjongen fan 'Mar o mar' makke dêrnei yndruk troch de moaie totaalklank en de suvere sang yn de pianissimo's. De 'Skotse Trije' waard op de karakteristike wize útfierd. De ynterpretaasje fan 'It marke' wie in o sa gefoeligen ien mei prachtige dynamyske ferskillen. It troch de dirigint fakkundich bewurke 'Breidzje' waard muzikaal oer de fuotljochten brocht, mei in protte sfear.

Pianist Ype van der Werf spile de stjerren fan 'e himel yn komposysjes fan Mozart, Chopin, Debussy en Bartok en soarge by in stikmannich sjongnûmers foar in tige muzikale begelieding. Dêrnei wie it ta oan it meiïnoar sjongen fan 'Fryske sang' en 'It feintsje fan Menaam'.

It Grouster koar joech ta beslút in feestlike werjefte fan 'Susanne', skreaun troch in komponist mei niget oan reizgjen lykas te hearren wie oan de meldijen út in grut tal lannen, dy't deryn ferarbeide sieten. Dat der dêrnei noch in tajefte komme moast, lei yn 'e reden.